

Knappe jeugdroman oer heit-soan relaasje

JANT VAN DER WEG

It trof alderaadichst dat ik, dwaande mei it besprek fan Hanneke de Jong har nijste Fryske jeugdroman, de proef fan de Hollânske oersetting fan har boek yn 'e bus krige. Om 14 jannewaris hinne sil dizze troch de skriuwster sels oersetten roman ferskine ûnder de titel *Sterke skouders*, letterlike oersetting fan *Sterke skouders*. Kwa uterlik is de opmaak hjir en dêr wat oars, mei bygelyks Fryske flashbacks yn fet en Hollânske yn kursyf, wylst de kursive Fryske dreamen fan haadpersoan Willem yn de oersetting yn âlderwetsk typoskrift steane. Dat ferbyldet Willem syn hânskrift, krekt as by de brief fan Willem syn heit.

De titel referearret oan in gedicht fan Judith Herzberg, *Vader en zoon in hevige regen*, dat as motto yn beide ferzjes opnommen is. It gedicht jout it tema fan it boek, de relaasje heit-soan, goed wer en de earste sin set dat fuort del: „Fansels komt heit net mei.” Wêr't dat oan leit wurdt de lêzer pas gewaar yn de rin fan it ferhaal.

Stadichoan ûntstiet it byld fan in gefoelige man, dy't it as learaar yn it fuortset ûnderwiis net bankje kin. Ek wurdt hieltyd dúdliker dat Willem net allinne uterlik op syn heit liket. Dat wjerspegelet him yn de ûntjouwing dy't Willem trochmakket en dy't, knap folholden fan syn perspektyf út, moai beskreaun wurdt.

Migrêne

Passend by sa'n gefoelige jonge is de migrêne, dy't pas as sadanich beneamd wurdt as er op skoalkamp op Texel is. Mar it begûn al doe't er as lyts jonkje mei de problemen fan syn heit konfrontearre waard. Wa't fan de ferskynsels wit, sil dy weromkenne yn de beskriuwing.

Knap wurdt it middelskoallefolk

tekene yn syn agressiviteit en arrogânsje, mar ek yn de gefoelens. In moai foarbyld yn it negative is it famke Angelique. It is it populêre type, dat dy populêriteit sels ten koste fan in oar behâlde wol. Hilarysk is de frijsêne fuort yn it begjin fan de beide 'beugelhâlders' Willem en Angelique. Har tsjinspylster, ek yn de ferhâlding mei Willem, is Marj. De nammen sizze suver al wat yn dit ferbân.

Rasisme

En dan is der noch Liban, dy't it ferhaal midden yn de wrâld anno 2004 set mei ama's en har foarskiednis. Liban makket Willem de eagen iepen foar wêr't dy mei dwaande is. Willem hat as gewoante syn frustraasjes ôf te reagearjen mei aggressive kompjûterspultsjes, mar dy konfrontearje Liban mei syn eigen rauwe ferline. Knap wurdt it ferhoalen rasisme fan omke Simen tekene sûnder dat eksplisyt út te wurkjen. It hat ek gjin gefolgen, al hat Liban it wol troch lykas folle letter yn it ferhaal bliken docht.

Dat Willem graach filmer wurde wol, wurdt moai brûkt yn de struktuer fan it ferhaal. De flashbacks wurde as filmshots presintearre mei âlderwetse swart- wytfilms, ynzoomen en al.

As Willem by de maatskiplik wurkster telâne komt, wurkje ek syn dreamen as sadanich. It slot kin dan ek net oars as in filmshot mei hoop foar de takomst wêze.

Hanneke de Jong hat op 'e nij sjen litten dat se in knappe jeugdroman komponearje kin mei in boeiende, hjoeddeiske tematyk, yn linich Frysk en mei in knappe literêre struktuer. Sokken mear!

Sterke skouders. Hanneke de Jong; KU, Easterein. Priis: 13,50 euro. (Of: Sterke skouders. Hanneke de Jong; Van Goor, Amsterdam. Priis: 13,75 euro).

FD 15/12 2004